

# po@dium

## 2016

fan Bennie Huisman

*Ik dream myn libben as in reis  
Nei in lân fan lichtens, dat my lûkt.  
Nei in lân achter de bergen,  
Dê't it libben nei ferbylding rûkt.  
En ik wol dy kant no eins wol út.  
Mar ik wachtsje noch op noardewyn,  
Dy't my it lêste setsje jout  
It ûnbekende suden yn.*

Mei dizze wurden begûn in lietsje,  
dat ik om 'e lêste ieu-wiksel hinne  
skreau en dat as titel hie:

*Achter Wolvegea.*

It 'lân fan lichtens' wie Itaalje en it dreamde eindoel wie Rome. Al-  
hiel yn de romantyske tradysje fan Jeropeeske keunstners troch de  
ieuwen hinne. 'Reizgje' wie yn dy jierren wat it tema wurden fan myn  
skriuwen en ik joech doe lytse 'stek-yn 'e-bûs-bûsboekjes' út mei  
ferhalen en poëzij om dat tema hinne. Yn eigen behear.

### 1. Ein Febrewaris



Literêre reisboeken wiisden my paden. De *Italienische Reise* fan Goethe en de bondel *Footsteps*, fan de Ingelske biograaf Holmes dy't û.o. de spoaren folge fan de dichter Shelley yn Itaalje. Myn byld waard: op de fyts der nei ta en ûnderweis soe 'k dan 'spylman' wêze. En aventoeren belibje. Ik sloech ek al fêst wat om yn dy moaie, klankrike taal en learde mysels de earste Italjaanske lietsjes.

Mar it kaam der net fan. Neist alle foar de hân lizzende redenen as 'net mist wurde kinne, tefolle ôfspraken ensfh. spile ek in rol, dat ik opseach tsjin it allinne reizgjen. Ik bin fan aard wat skruten, sosjaal ûnhandich somtiden en meitsje net maklik kontakt mei minsken dy't ik net ken. By in ôfpraat optreden ha 'k dêr gjin lêst fan, dan haw ik in rol en nimme myn klanten it inisjatyf wol. Troch de jierren hinne waard ik der wol makliker en handiger yn, mar it bleau dochs wat in drompel. Mooglik spile ek de eangst mei, dat de werklikheid de dream stikken meitsje soe, wat faak ek it gefal is.

In útwei fûn ik yn it skriuwen. Fan lietsjes, poëzij en ferhalen om it tema fan sa 'n dreamreis hinne. Teksten fol sublimearring en relati-vearring. Al dy teksten raanden op 't lêst gear yn in teaterfoarstelling mei de tapaslike namme: *De Loftfytser*. By de premjêre yn it Posthuis op it Hearrenfean kaam ik it teniel opfytsen, lizzend op in bisûnder fehikel (sjoch side 4) en song - nei wat ynliedende teksten - dit earste liet:

*Underweislietsje (sa klonk it)*

Ik haw as swalkersfreon in fyts, dy kin op eigen tsjillen stean.  
Ik kin my deljaan en dan dochs de wrâld út witwêrhinne gean.  
'k Sjoch nei de fûgels yn 'e loft, in flaubyt foar ûnderweis,  
En kôgjend op wat poëzij traapje ik myn noas efternei.

*Ik neam har Modestine (\*), 'k lis leppeltsje yn har skoat.  
Se bringt my rûnom yn dit gea en seit my ta de wide wrâld,  
As ik mar trou foarsjoch yn har ûnderhâld.*

Ik haw in spylmaat achterop, dy helpt my altyd troch de tiid.  
Fielt myn stimming hierskerp oan, blues en boartlik, bleu en beat.  
Draacht myn lietsjes oer de dyk, foarsjocht de wurden fan muzyk,  
En rûnom sjongend foar publyk sjong ik my alle dagen ryk.

*It is in maatsje, maatsje-fan-my, ik haw him graach op 'e skoat.  
Hy spilet altyd frank en frij by alle lietsjes fan 'e wrâld,  
As ik mysels en him mar licht en luchtich hâld.*

Achtery yn haw ik in kofferke mei alles wat my driuwt,  
Libbenslange langst nei leafde, likefaak swiet as bitter priuwt.  
Libbenslang ferlet fan frijheid, likefolle lokket as benaud,  
Libbenslang allinne al binne freonen noch sa fertroud.

Ik haw in hoekje yn it ûnthâld, dêr wenje al myn lietsjes yn.  
Se bliuwe yn my ivich jong, al komme se fan lang ferlyn.  
Se sprekke yn tûzen tongen, mar binne thús yn memmetaal,  
Se binne treastfol, fleurich, mankelyk, boartlik,  
Se binne hillich en banaal.

*Lietsjes, lietsjes fan my, jim komme ta libben yn myn sang;  
Jim binne jong, jim binne âld,  
Faak myn treast yn dizze wrâld;  
As ik jim yn jim wêzen lit, as ik mar fan jim hâld.*

(\*Modestine is de namme fan in ezel. Foar it ferhaal: even google-je)

Alles siet dêr yn: de langst nei fiere kimen, reizgje, ferbylding,  
dreamen... En 'spylman wêze...' Dat die ik oars noch altyd wol op it  
eigen 'hiem': op strjitte spylje en sjonge. It wie langer in foarm fan  
boartsjen wurden, want in ekonomyske needsaak wie der eins net sa  
sear, al koe it soms wol helpe wat CD's te sliten.

It meitsjen en spyljen fan dy teaterfoarstelling wie ek in aventoer,  
mar de langst nei werklik ûnderweis wêze, dy bleau. Inkeld it doel,  
dat feroare núver genôch stadichoan.

In part fan myn reis nei Itaalje, soe troch Dútslân gean, by de Rhyndel. Om dêr *Spielmann* boartsje te kinnen makke ik my alfêst in hiel repertoire fan Dútse lietsjes eigen en dat rôp in âlde leafde yn my wekker, dy't noch datearre fan myn eardere Klassike Musyk-oplieding. Al sjongende krige ik der aloan mear aardichheid yn en hast ûngemurken ferskude de oandacht fan Itaalje nei Dútslân. En fan Rome nei Berlyn.

*Achter Wolvegea* feroare yn: *Achter Grins*. En it moat sa stadichoan mar ris wêze. Dat, fan 't maityd set ik ôf, nei Berlyn. Op 'e fyts.

(lês fierder side 5)

## Swalkfytsen

Yn it jier 2000 kocht ik dizze fyts, in trije-tsjillige lisfyts mei in saneamd 'kantel-knik-systeem'.

Se waarden makke yn Dronten, by *Flevo-bike*, mar binne no net mear te krijen. Hy hat foartsjil-oandriewing en ik stjoer mei de skonken. Ach-

ter in grutte bagaazjebak en ik ha der ek moaie slachjes-om makke yn Fryslân en Nederlân. Mar om der mei de bergen oer, dêr is er minder geskikt foar. Dêrneist kin er net mei yn 'e trein.



Dêrom ha 'k letter in gaadliker fyts kocht, in *Giant Expedition*.

Minder apart, minder teatraal, mar o sa gaadlik om langere fytsreizen te meitsjen. It is in twaddehânske, mar o sa motivearre om te reizgjen en hy wol no ek wol graach de kant fan Berlyn út.

Hat dêr alris faker west en dat foldie o sa.

Dat wurdt dan diel fan in literêr Po@dium-projekt, dêr't Berlyn sintraal yn stiet. De kommende moannen wurde jim op de hichte holden. Fan de mentale & materiele tariedings, fan it ûnderweiswêzen sels en fan de ûnderfinings & nijsgjirrichheden dy't al earder op myn paad kamen yn en om Berlyn.

It sil heve.

Mar earst moat de winter foarby. Al kin it yn maaie ek noch skraal genôch wêze.



#### **Underweislietsje:**

tekst: Bennie Huisman

wize & arrânzjemint: Corinne Staal

oarspronklik skreaun foar:

**De Loftfytser** (teaterfoarstelling, 2002)

letter publisearre yn:

twatalige ferse- & lietebondel mei CD:

**Hûs oan see/ Huis aan zee.**

as: **It liet foar ûnderweis**

Dizze opname is fan dy CD  
Nederlanstalige versie in 2013

#### **metamorfoaze**

ik bin noch al te swier bepakt  
mei driuw en doel  
mei wat ik achterlit en meinim  
slite moat it yn 'e stive wyn  
dy't my tsjinwurket  
de loft is strang en griis

út it eigen lege lân  
klim ik nei sânige hichten  
lege tiid moat fertsjinne  
yn dizze godfruchtige streken

de wyn dy't pleaget en útdaget  
skjirret myn al te drege tinzen  
oerjaan  
lippen fan inoar  
ferset in toskje leger  
núnderlietsje brekt de loft  
iepen

yn in stêd ûnder berik  
sil ik wat oer is fan juster  
ôflizze op it klead  
foar in bêd fan leafde  
lange dreamnacht

neist it liet fan myn langst  
wurd ik wekker  
ljocht en lichtens oerwinne lêste skaden  
leech en loftich begroetsje ik de sinne

yn my lústert  
wjersteanber  
de see  
dy't altyd meireizget